Ferkiezingsprogramma 2017-2022

Fertroud en tichtby

CDA Súdwest-Fryslân

Foarwurd

Súdwest-Fryslân is de moaiste gemeente fan Nederlân. Dêr binne wy grutsk op! It CDA stiet foar it behâld fan ús lânskip, ús taal en ús Mienskip, de kreativiteit, de ûndernimmerssin en ús kultureel erfgoed.

Foar jo leit it ferkiezingsprogramma ‘Fertroud en Tichtby’ fan it CDA Súdwest-Fryslân. It programma is gearstald troch de programmakommisje mei fertsjintwurdigers fan it bestjoer, de hjoeddeiske CDA-fraksje en ferskate ûnderfiningsdeskundigen. Der is in djipgeande ynventarisaasje dien nei de winsken en de ferletten fan ‘e wyk- en doarpsrieden en fan ynwenners, bedriuwen en in soad oare belangegroepen yn Súdwest-Fryslân. Yn it programma hawwe wy al dy advizen en boustiennen ferwurke. Us doel: in op minsken rjochte programma op basis fan ‘e útgongspunten fan it CDA dêr’t jong en âld him yn werkenne kin.

Súdwest-Fryslân stiet foar nije útdagingen: yn ‘e soarch, wurkgelegenheid, duorsumens, sport en wenningbou. Yn dit plan stiet sintraal wêr’t it CDA Súdwest-Fryslân de kommende jierren oan bouwe wol: it goede behâlde, mar ek iepenstean foar feroaring en fernijing en mei-inoar yn solidariteit wurkje oan in rjochtfeardige en earlike maatskippij.

It CDA stiet foar in sterke maatskippij, dêr’t elk him thús yn fielt en dêr’t respekt de noarm is. Mei-inoar wolle wy ‘Súdwest-Fryslân’ trochjaan.

Grutsk ûnderskriuw ik út namme fan it bestjoer dit prachtige programma fan herte.

Catharina van Staveren
Foarsitter bestjoer CDA Súdwest-Fryslân

Ynhâlt

Fertroud en tichtby ***5***

1. Us gemeente ***7***

1.1 In moaie gemeente 7

1.2 Kearnebelied 8

1.3 Leefomjouwing 9

1.4 Goed wenje 10

1.5 Us kultuer 11

1.6 De ferbinende faktor 12

1.7 Tsjinstferliening 13

2. Ekonomy en Omjouwing ***15***

2.1 Ekonomyske ûntwikkeling 15

2.2 Rekreaasje 16

2.3 Duorsumens 17

2.4 Lokale ekonomy 18

2.5 Sûne agraryske sektor 19

2.6 Nije griene enerzjy 20

2.7 Minder regels 21

3. Sûnens ***22***

3.1 Beweging en fitaliteit 22

3.2 Wolwêzen en soarch 23

4. Gemeentefinânsjes ***24***

CDA Súdwest-Fryslân

Sekretariaat:
Buren 15
8757 JW GAAST
secretariaat@cda-swf.nl

www.cda-swf.nl
www.facebook.com/cdaswf
http://twitter.com/CDASWF

© CDA Súdwest-Fryslân, 2017

Fertroud en tichtby

Ynkoarten kieze wy in nije gemeenteried foar de kommende fjouwer jier. Foar in gemeente dy't fan 1 jannewaris 2018 ôf bestiet út 83 doarpen en 6 stêden, mei yn totaal 89.000 ynwenners. Wat de oerflakte oangiet, de grutste gemeente fan ús lân.

Mar wól in gemeente dêr't de polityk ticht by de ynwenners stean wol, dêr't de lyntsjes fan 'e boargers nei de bestjoerders en fan 'e bestjoerders nei de boargers koart binne. Dêr't minsken fan inoar witte wêr't sy mei dwaande binne, dêr't minsken nei inoar harkje en nei inoar omsjogge.

It CDA is in kristendemokratyske folkspartij; CDA Súdwest-Fryslân is de partij dy't midden yn 'e maatskippij stiet. It CDA Súdwest-Fryslân wol der foar elkenien wêze. Foar jong en âld, foar wurkjouwers en wurknimmers, foar ûndernimmers, foar boeren en túnkers, foar húshâldings en allinnesteanden. Foar

minsken dy't it dreech hawwe omreden fan in beheining, foar minsken dy't gjin wurk hawwe en foar minsken dy't iensum binne.

Yn in tiid dat ek in soad ynwenners fan ús gemeente ûnfrede fiele by de polityk en de feroarjende wrâld om harren hinne, wol it CDA in anker en in perspektyf biede.

It CDA Súdwest-Fryslân woe gjin ferkiezingsprogramma fóar de ynwenners skriuwe, mar méi de ynwenners. Dêrom hawwe wy alle doarps-, steds- en wykbelangen frege om ynput te leverjen. Dêrom binne wy de dyk op gien en hawwe wy oan jo frege wat jó belangryk fine. Dêrom hawwe wy oan ús leden frege wat der neffens harren yn it programma stean moat en dêrom hawwe wy in soad minsken belle. En wy hawwe foaral goed harke!

En dêrom is dit programma in dokumint wurden dêr't ús ynwenners sels de grutste bydrage oan levere hawwe.

De mienskip dêr't ús ynwenners diel fan útmeitsje is belutsen by har doarp of stêd, by har buert, feriening, tsjerke of skoalle, wurk, famylje of by harren húshâlding. Dat alles foarmet it wiere draachflak en de krêft fan ús maatskippij. Mei hert foar ús kultuer, ús natuer en it wolwêzen fan 'e minsken om ús hinne. Yn dy geast wol it CDA Súdwest-Fryslân de kommende 4 jier midden yn 'e maatskippij stean en mei de ynwenners wurkje en bouwe oan ús moaie, grutte gemeente. In gemeente dêr't wy graach wenje en wurkje wolle.

Wy hawwe derfoar keazen om ús ferkiezingsprogramma koart en lêsber te hâlden. Mar wy wolle belangrike items dêr perfoarst net tekoart mei dwaan. Mochten jo noch wat misse of wolle jo taljochting of oanfoljende ynformaasje oer ús stânpunten, nim dan rêstich kontakt mei ús op. Wy sille jo graach te wurd stean.

Programmakommisje CDA Súdwest-Fryslân:

Gea Akkerman
Douwe Attema
Uilkje Attema
Bianca Domhof
Anneke Koster
Ultsje Wiersma

1. Us gemeente

1.1 In moaie gemeente

De gemeente Súdwest-Fryslân is in prachtige gemeente mei in tige ôfwikseljend gebiet. De gemeente is ûndertusken goed ferankere yn 'e mienskip. Mei yngong fan 1 jannewaris 2018 komme 15 doarpen fan Littenseradiel by Súdwest-Fryslân. Dy doarpen binne mear as wolkom. Mei ús geargean ûntstiet in gemeente mei 89 kearnen en 89.000 ynwenners. Súdwest-Fryslân is ûndertusken in grutte gemeente dy't tige goed by steat is om fraachstikken adekwaat op te pakken en dy't takomstbestindich is.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Dat de ynwenners fan Littenseradiel har 'thús fiele' yn Súdwest-Fryslân.
- In optimale tsjinstferliening: de gemeente is altyd klantfreonlik en goed berikber.
- In kearneftich amtlik apparaat, dêr't tusken de ôfdielingen effisjint gearwurke wurdt.
- Dat de amtlike organisaasje meibeweecht mei de maatskippij; modern, slank en effektyf.
- In gemeente dy't sintraal stiet yn Fryslân en in gemeente dy't meitelt op lanlik gebiet.

1.2 Kearnebelied

It kearnebelied is ynfierd op inisjatyf fan it CDA. Troch it kearnebelied binne der altyd koarte lyntsjes tusken ús ynwenners, doarpen, wiken en stêden, en de gemeente. Steds-, doarps- en wykbelangen krije troch it kearnebelied gau antwurd op al harren fragen. Sy hawwe in fêste kontaktpersoan dy't altyd berikber is.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- It kearnebelied útbouwe en noch better posisjonearje en benutte.
- Neigean oft de fragen út 'e kearnen wei ek grutter binne as de (finansjele) mooglikheden.
- In sintrummanager foar Boalsert en Snits.

1.3 Leefomjouwing

Hoewol't tiden feroarje en de gemeente net mear alles dwaan kin, is der yn ús gemeente in soad ienigens en belutsenheid. Us ynwenners binne ree om mei te tinken en mei te wurkjen yn it belang fan harren leefomjouwing. De gemeente is faak de lûker. Sy skept rânebetingsten en it finansjele ramt.

Ynwenners fine it belangryk dat harren grien, perken, diken en pleinen goed ûnderhâlden wurde. Feiligens bliuwt belangryk: it tefoarenkommen fan kriminaliteit is in spearpunt, lykas feiligens op 'e dyk. Ferfier mei gjin beheining wêze.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Goed ûnderhâlden diken en iepenbier grien: as doarpen of wiken dêr foar iepensteane, kin iepenbier grien mei in finansjele fergoeding út 'e gemeente wei oan buerten oerdroegen wurde.
- Mear omtinken foar de ferkearsfeiligens: spesifyk omtinken foar feilige skoalrûtes en lânbouferkear en it fuortwurkjen fan efterstallich ûnderhâld fan wegen en fytspaden.
- Goede berikberens fan alle foarmen fan ferfier.
- Foldwaande en feilige boartersgelegenheden.
- Foarmen fan buertprevinsje stimulearje (bygelyks WhatsAppgroepen)

1.4 Goed wenje

Wy hawwe in prachtige gemeente om yn te wenjen en binne dêrom boppegemiddeld yn trek. De kavelferkeap sit enoarm yn ’e lift en rint kwa oantallen wer krekt sa goed as yn ’e heechtiiddagen fóar de ekonomyske krisis. Wy moatte goed yn byld hâlde wêr’t ferlet fan is en oan hokker type wenningbou. Troch saken as demografyske ûntwikkelingen en de nije wenningwet sjogge wy dat der hieltyd mear trek is nei de gruttere kearnen. Wenningkorporaasjes moatte op syn minst 80% fan harren frijkommende wenningen oanbiede oan minsken mei in ynkommen fan ûnder de € 36.165.

Oant en mei 2040 wurdt de groep 65-plussers grutter. Dy groep siket hieltyd mear de neite fan foarsjennings op.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Passend wenningoanbod foar alle doelgroepen, sadat minsken wenje kinne wêr’t sy wolle en dêr ek bliuwe kinne.
- Stimulearje dat alle wenningen fan 2030 ôf enerzjyneutraal binne.

1.5 Us kultuer

Us gemeente hat in soad ferienings en groepen dy't aktyf binne op kultureel mêd. In soad doarpen hawwe har eigen muzykferiening, toanielferiening, ensafuorthinne. En hieltyd docht wer bliken hoe belangryk dat is. Us seis stêden biede ús en ús toeristen ek in protte: prachtige pannen mei moaie gevels, dêr't de skiednis fan ôf te lêzen is.

Theater Sneek is ferankere yn 'e regio en foldocht oan in ferlet. Tegearre mei de doarpshuzen docht hieltyd wer bliken hoe belangryk muzyk, kultuer, teäter en toaniel binne. Dat jildt ek foar ús musea en biblioteken. De finansjele spylromte wurdt minder en it tal frijwilligers – en soms it tal besikers – rint werom. Dochs bliuwe it hiele belangrike foarsjennings.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Gearwurkje mei de keunst- en kultuerlagen en meinoar de koers foar de kommende jierren bepale.
- Dat der foldwaande akkommodaasjes binne dêr't de ferienings harren hobbys en aktiviteiten útoefenje kinne.
- Altyd omtinken foar de Fryske taal.

1.6 De ferbinende faktor

Ien fan ’e útdagingen de kommende jierren is dat minsken inoar moetsje. Der moat folop omtinken bliuwe foar mooglikheden dy’t derfoar soargje dat minsken inoar hieltyd wer opsykje en moetsje. De gemeente hat in kaaiposysje om minsken byinoar te bringen. In spearpunt wurdt, wêr’t dat nedich is, de ûnderlinge gearwurking fan ferienings.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Goede akkommodaasjes lykas doarpshuzen en wykgebouwen. Dêr hawwe moeting, ûntspanning en it ferieningslibben plak.
- Dat der tusken ferienings gearwurke wurdt om saken foarinoar te krijen.
- Dat it foar elkenien mooglik is om lid te wurden fan in feriening.

1.7 Tsjinstferliening

De gemeente is der foar ús ynwenners en is altyd klantrjochte en klantfreonlik. De gemeente kommunisearret helder en faak oer har ynkomsten en útjeften, oer de ozb, ensafuorthinne.

Yn ’e line fan it klantrjochte wurkjen is de gemeente ek altyd fysyk berikber fia de baly. De iepeningstiden binne altyd fleksibel.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Dat de ferbouwing fan it gemeentehûs bydraacht oan ’e tsjinstferliening.
- Dat miljeustrjitten goed fasilitearre wurde.
- In tagonklike en aktuele webside.
- Goede kommunikaasje oer alles wat de gemeente docht.

2. Ekonomy en Omjouwing

2.1 Ekonomyske ûntwikkeling

Ekonomyske ûntwikkeling is fan grutte wearde foar ús gemeente. Wurk is de smaroalje foar de maatskippij en bynt ús ynwenners. Wy daagje it bedriuwslibben út om it foartou te nimmen yn ynnovaasje en de ferbining te meitsjen tusken ûnderwiis, bedriuwslibben en duorsumens.

Ynspylje op 'e fraach nei útwreiding fan en it op foarried hawwen fan bedriuwsterreinen freget om in strategy en beliedsramt. Net alle kearnen kinne ommers in bedriuwsterrein ûntwikkelje.

Bedriuwsterreinen moatte goed berikber wêze, sawol op 'e digitale dyk as op 'e echte diken.

Digitale berikberens spilet in hieltyd belangrikere rol, fluch ynternet is in must. In flugge oanlis fan glêsfezel is dêr essinsjeel by.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Werstrukturearring fan besteande bedriuwsterreinen.
- Untwikkeling fan nij bedriuwsterrein (De Hemmen).
- Dat de ûndernimmer stimulearret en de gemeente fasilitearret.
- De wurkleazens werombringe oant ûnder de 5%.
- Oanlis fan glêsfezelferbiningen.

2.2 Rekreaasje

Toerisme is ien fan ’e ekonomyske pylders fan ’e gemeente. Súdwest-Fryslân is oantreklik troch har swidens, de grutte hoemannichte oan marren en fearten, de Iselmarkust en it griene lânskip. Yn ús gemeente lizze seis fan ’e alve Fryske stêden, dy’t oant fier oer de grins bekend binne. Yn ús gemeente is dan ek in grut tal jachthavens, campings, fakânsjeparken mei rekreaasjewennings, hotels en B&B’s. Wy wolle in bloeiende rekreative sektor, dêr’t ûndernimmers in goed ynkommen realisearje kinne en dêr’t gasten graach komme. It soarget foar wurkgelegenheid en foar besteansrjocht fan foarsjenningen yn ’e kearnen.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Romte foar rekreaasje en toerisme.
- Besteande campings, jachthavens en rekreaasjeparken fernije kinne.
- Ynvestearje yn in goede ynfrastruktuer foar it toerisme.
- Mear ferbinings tusken besteand oanbod.
- Omtinken foar minwaarakkommodaasjes, sadat Súdwest-Fryslân it hiele jier oantreklik is foar toeristen.

2.3 Duorsumens

Der is, wat CDA Súdwest-Fryslân oangiet, gjin tsjinstelling tusken duorsumens en ekonomyske ûntwikkeling. Dy fersterkje inoar. De gemeente bewekket dat romtlike ûntwikkelingen goed yn it lânskip passe en duorsum binne. Wy hawwe de ierde yn brûklien: goed rintmasterskip heart dêrby.

By in sûne maatskippij heart in sûne ekonomy. De gemeente fasilitearret dat, want it midden- en lytsbedriuw (MKB) hat yn dizze gau feroarjende tiid baat by goede karren. De gemeente stelt rânebetingsten fêst, dêr't bedriuwen har fierder binnen ûntwikkelje kinne.

CDA Súdwest-Fryslân is tsjin gaswinning en fóar duorsume enerzjy. De ryksoerheid hat bepaald dat der aanst in grut wynmûnepark yn it Iselmar komt. Fierder komt der noch in wynpark op 'e kop fan 'e Ofslútdyk. Sa wurde wy aanst yn ien klap de grienste gemeente fan Fryslân. Us ikoan, de Ofslútdyk, toant in soad foarmen fan ynnovaasje op it mêd fan duorsume enerzjy (blue energy).

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Dat ynwenners en ûndernimmers optimaal profitearje fan 'e opbringsten fan wynmûneparken.
- Nei de twa wynparken, Iselmark en Kop Ofslútdyk, gjin oare wynmûneparken yn ús gemeente.

2.4 Lokale ekonomy

It CDA Súdwest-Fryslân set him yn foar de lokale ekonomy. It CDA wol fitale sintra, yn 'e stêden mar ek yn 'e doarpen. Maatwurk, goed harkje en mei-inoar yn petear gean binne easken dêrfoar.

Midden- en lytsbedriuw

In pro-aktive oanpak is nedich om gauwer ynspylje te kinnen op 'e winsken út it midden- en lytsbedriuw wei. Witte wat der spilet en maatwurk binne de kaaiwurden. Yn opliedings- en reyntegraasjetrajekten foar útkearingsrjochthawwers lizze kânsen foar beide partijen.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Winkels yn it sintrum fan 'e stêd of it doarp, en net oan 'e rânen. Libbene steds- en doarpssintra, dêr't je goed winkelje kinne.
- It MKB folop romte jaan foar ûntwikkeling.
- Dat de gemeente yn petear giet mei de belutsenen lykas fêstgoedeigners, winkelferhierders en hierders.
- Dat de leechstân ynventarisearre wurdt en dat partijen sels brûkers foar dy pannen fine.
- Dat de gemeente op syn minst twa kear yn it jier mei ûndernimmersferienings de aktuele en rinnende saken bepraat.
- Nei de ôfsprutsen trije jier it ûndernimmersfûns breed evaluearje en dan de stân fan saken opmeitsje.

2.5 Sûne agraryske sektor

De leefberens op it plattelân hinget sterk gear mei in sûne agraryske sektor. CDA Súdwest-Fryslân fynt in fitaal bûtengebiet hiel belangryk en wol in goede balâns tusken lânbou, rekreaasje en natuer. Yn it bûtengebiet is plak foar de boer, de boarger én de toerist. De echtheid en eigenheid fan it gebiet, de lytse kearnen en doarpen, binne foar CDA Súdwest-Fryslân hiel weardefol en belangryk.

Besteande agraryske bedriuwen

Agraryske bedriuwen binne de belangrykste ekonomyske dragers fan it plattelân. De skaalfergrutting yn 'e lânbou betsjut ek de komst fan gruttere stâlen. Lânskiplike ynpassing is dêrby fan grut belang. CDA Súdwest-Fryslân hechtet belang oan 'e Nije Pleatsmetoade, dêr't mei-inoar en út meardere dissiplines wei nei in ûntwerp fan nije stâlen sjoen wurdt.

Funksjeferoaring

As in agrarysk bedriuw ophâldt, komt sa'n buorkerij leech te stean. CDA Súdwest-Fryslân is foarstanner fan in nije bestimming troch bygelyks wenjen, in lyts bedriuw of in oare funksje mooglik te meitsjen. Dat kin in soarchfunksje wêze of in oare foarm en eigentiidsk ûndernimmerskip.

Agrarysk natuerbehear

In soad boeren yn 'e gemeente dogge oan agrarysk natuerbehear en binne lid fan ien fan ús kollektiven yn Súdwest-Fryslân. In protte boeren spylje ek in rol by it ûnderhâld fan it lânskip. CDA Súdwest-Fryslân fynt in goede gearwurking tusken de ferskate organisaasjes op dat mêd belangryk en hechtet wearde oan 'e posysje fan oan grûn bûne agraryske sektoaren lykas de melkfeehâlderij.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- In duorsume ûntwikkeling fan 'e agraryske sektor, duorsum foar sawol boer, bist as omjouwing (net of-of, mar en-en).
- Belang hechtsje oan 'e rol foar boeren by it ûnderhâld fan it lânskip.
- Nije bestimmingen mooglik meitsje foar frijkommende agraryske gebouwen, mits dat net ta problemen foar de omjouwing liedt.

2.6 Nije griene enerzjy

Maatregels foar foarmen fan nije enerzjy, oanpassing oan 'e feroarings yn it klimaat en in mear sirkulêre ekonomy wurde foar in part op regionale of lokale skaal realisearre. Op gemeentlik nivo moat dat wêr mooglik romtlik ynpast en ferbûn wurde mei oare opjeften, lykas in geunstich fêstigingsklimaat, stedske fernijing, omtinken foar lânskip, natuer en mobiliteit, sadat 'wurk mei wurk' makke wurde kin. Dat freget ynset fan 'e hiele maatskippij.

Op in soad terreinen rint it bedriuwslibben foarop as it giet om griene doelstellings. CDA Súdwest-Fryslân wol graach in aktive rol spylje yn dat proses. Leare fan inoar is dêr fan wêzentlik belang by. Duorsumens moat in dúdlik plak krije by ûnderwerpen as oanbesteging, bouplannen en gebietsûntwikkeling.

Sels enerzjy opwekke

It CDA Súdwest-Fryslân wol mear romte foar ynwenners dy't sels enerzjy opwekke en pleitet foar it fuortnimmen fan obstakels en barrières by inisjativen fan buerten, ferienings, kooperaasjes en bedriuwen. By soksoarte fan inisjativen is it fan belang dat de gemeente ôfspraken fêstleit oer de te leverjen prestaasjes.

Wynenerzjy

It Ryk hat besletten dat de Fryske opjefte 530.5 megawatt wyn foaral yn it Iselmar en op 'e kop fan 'e Ofslútdyk realisearre wurde moat.

Neffens it lanlike enerzjyakkoart is de gedrachskoade it ramt dêr't de omjouwing yn meiprofitearret fan 'e opbringsten dêrfan (lêsten/lusten).

Ferduorsumjen fan ferkear

Foldwaande elektryske oplaadpeallen en tankmooglikheden foar griengas befoarderje it griene riden. De gemeente jout it goede foarbyld troch mei duorsume auto's te riden.

Offal

It stribjen fan sawol gemeente as ynwenners (boargers en bedriuwen) moat rjochte wêze op: 1) tefoarenkommen fan ôffal, 2) op 'e nij brûken fan ôffal en 3) recycling fan ôffal.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- It goede foarbyld jaan troch sertifisearre griene stroom en gas te brûken.
- Besteande wynturbines respektearje, salang't der gjin better en guodkeaper alternatyf is.
- Foar útstjerkonstruksjes fan besteande wynturbines aktyf sykje nei lykweardige alternativen, yn 'e mande mei de provinsje Fryslân.
- In part fan 'e opbringst út wynenerzjy weromfloeie litte nei de mienskip en dat earmerke ynsette foar leefberens en duorsumens.
- Ofhinklik fan 'e útkomst fan 'e trije pilots, sinne-enerzjyprojekten robúst opsette.
- Safolle mooglik enerzjykoöperaasjes stimulearje.
- Prestaasje-ôfspraken meitsje mei wenningboukorporaasjes op it mêd fan duorsum wenjen.
- Utfiering fan enerzjyskens stimulearje en dêrnei befoarderje dat wennings enerzjysuniger makke wurde, yn ôfstimming mei it duorsum bouloket.
- De sirkulêre ekonomy in ympuls jaan troch mear te recycljen en it werbrûken en mei-inoar brûken te befoarderjen.
- In rol foar duorsumens as ûnderdiel fan oanbestegingstrajekten.
- Duorsum bouwe en isolaasje fan 'e hjoeddeiske wenningen krije prioriteit. Duorsumens wurdt fanselssprekkend.

2.7 Minder regels

Wy wurkje troch oan it tebekkringen fan 'e hoemannichte regels en oan it fersimpeljen fan fergunningstrajekten. De gemeente sjocht mear 'wat wol kin as nei wat net kin'. CDA Súdwest-Fryslân is dêrom tige wiis mei de nije Omjouwingswet, dy't it oantal wetten en regels drastysk ferminderet. Sa't it no liket, giet de wet yn 2019 yn. It moat dan bygelyks makliker wêze om in bouprojekt te starten.

Dat slút oan by de bestjoerlike moed dêr't it CDA Súdwest-Fryslân foar stiet: folle minder regels en de ferantwurdlikheid lizze by ús ynwenners op it mêd fan wenjen, wurkjen en rekreëarjen.

3. Sûnens

3.1 Beweging en fitaliteit

CDA Súdwest-Fryslân fynt it fan grut belang dat bewegen foar jong en âld in gemeentlik spearpunt is. Sport en beweging moatte tagonklik wêze foar elkenien. Sport bringt minsken byinoar, makket se warber en spilet ek in belangrike rol by it oerbringen fan wearden as teambelang en respekt. It draacht by ta de leefberheid en it wolwêzen fan minsken yn buerten, doarpen en stêden. Us ‘griene’ gemeente lient him by útstek foar bewegen en moetsjen.

Doarpekoördinators, buertsportcoaches, sportferienings, húsdokters, skoallen en gebietsteams wurkje nau gear yn it úteinsetten en stimulearjen fan sport en beweging.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Dat de gemeente, yn gearwurking mei de soarchfersekerders, omtinken jout oan in sûne libbensstyl, foarljochting en previnsje.
- Sportfasiliteiten en sportklups tagonklik meitsje foar elkenien dy’t meidwaan wol en kin.
- Dat sportfasiliteiten ek tagonklik binne foar minsken mei in beheining.
- Sûne sportkantines en sûne skoallen promoatsje om’t sûn iten fan grut belang is foar in sûn libben.

3.2 Wolwêzen en soarch

CDA Súdwest-Fryslân is entûsjast oer de súksesfolle útfiering fan 'e WMO, de Jeugdwet en de Partisipaasjewet. Fan 2018 ôf wolle wy ek wer ynvestearje yn in yntegrearre oanpak, dêr't meiwurkers yn tsjinst binne fan 'e gemeente. Foar it CDA Súdwest-Fryslân is in belangryk útgongspunt dat de kwaliteit fan 'e soarch liedend is – en net de finânsjes – en dat it finansierjen fan 'e soarch basearre wurdt op 'e fraach nei soarch dy't minsken nedich binne.

Dêr hawwe de meiwurkers fan 'e gebietsteams in fasilitearjende rol yn. Sy binne de oanjagers en de ferbiners en wurkje gear mei alle oare belutsen partijen.

CDA Súdwest-Fryslân is bliid dat de jeugdsoarch ûnder de ferantwurdlikheid fan 'e gemeente falt, om't it goed is dat der ien regisseur is en ien oansprekpunt.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Tagonklike gebietsteams dy't soargje foar direkt beskikbere help.
- Dat yn goed oerlis mei de helpfregers, mei harren húshâldings en harren mantelsoargers passende help levere wurdt.
- Foldwaande soarch en stipe foar ús kwetsbere ynwenners.
- Foldwaande soarch en stipe as minsken yn har eigen hûs bliuwe wolle.
- Dat de soarch en it omtinken foar jongerein net ophâldt as sy 18 jier binne; CDA Súdwest-Fryslân pleitet foar in goede oergongsregeling foar de 18-plussers.
- Dat de gemeente jongeren en harren famylje op 'e tiid en dúdlik begeliedt, sadat se net tusken wâl en skip reitsje.
- It persintaazje foartidige skoalferlitters noch fierder tebekkringe.
- Minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk helpe oan wurk, oan meidwaan yn 'e maatskippij; fan minder ynstream nei mear útstream.
- In gemeentlike oanpak fan 'e iensumheidsbestriding.
- Dat minsken mear omsjogge nei-inoar.

4. Gemeentefinânsjes

It grutste part fan it ynkomstebedrach fan ’e gemeentebegrutting krijt de gemeente fan ’e Ryksoerheid. Mar in beheind part komt út ’e lokale heffings en belestings. Yn beide gefallen giet it om belestingjild, foar in part opbrocht troch ús ynwenners. CDA Súdwest-Fryslân hat de oertsjûging dat wy duorsum omgean moatte mei de beskikbere finansjele middels.

Gemeentlike útjeften en ynkomsten drage by oan in maatskiplik doel. Wy soargje dus ek foar foldwaande reserves.

CDA Súdwest-Fryslân wol:

- Soarchfâldichheid, sparsumheid, transparânsje en fermindere lokale lêsten as útgongspunt foar it finansjeel belied.
- It útgongspunt hantearje om de belestings jierliks mei net mear as de yndeksearring te ferheegjen, útsein as belied út De Haach wei de gemeente twingt om belestingferheging te hantearjen.
- Sûn finansjeel belied fiere mei foldwaande reserves om kalamiteiten op te fangen.